

Oan de minister fan Feilichheid en Justysje  
Syn Eksellinsje de hear mr. G.A. van der Steur  
Postbus 20301  
2500 EH DEN HAACH

POSTADRES

/ BHP Flex - Blokhúspoarte  
\ Blokhúsplein 40  
/ 8911 LJ Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.nl  
\ www.dingtiid.nl  
/ @dingtiid

Ljouwert, 27 july 2015.

oangeande: ferhuzing rjochtbank en gerjochtshôf lokaasje Ljouwert  
ús kenmerk: 2015-03  
taheakke: 2014-07-AB brief oan minister Opstelten  
jo kenmerk:

Achte hear Van der Steur,

Op 30 oktober 2014 stjoerden wy in brief oan jo foargonger, minister Opstelten, en dêryn joegen wy utering oan ús soargen oer de foarnommen ferhuzing fan rjochters en ûnderstypjend persoanlik fan de Rjochtbank Noard-Nederlân fan Ljouwert nei Grins.

As Orgaan foar de Fryske taal wolle wy dy brief graach by jo persoanlik ûnder de oandacht bringe. In kopy fan de neamde brief fine jo as taheakke by dit skriuwen.

It Orgaan foar de Fryske taal is by wet ynsteld (artikel 18 Wet gebrûk Fryske taal) en hat as taak om de gelikense posysje fan de Fryske taal en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. It Orgaan foar de Fryske taal kin net allinnich rapportearje oan de Minister fan Binnenlânske Saken, mar ek oan oare ministers en gerjochtlike ynstânsjes foarsafier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne, of de provinsje Fryslân as rjochtsgebiet hawwe.

By dizzen makket it Orgaan foar de Fryske taal gebrûk fan dat foech.

Sûnt de brief fan 30 oktober 2014 is de diskusje oer de ferhuzing fan rjochtbankpersoneel net saksearre. Sterker noch, der is in nije diminsje oan de besteande diskusje tafoege, yn dy sin dat no ek it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert yn bestân stiet om personeel te ferpleatsen of te sintralisearjen op ien lokaasje, en dat is net Ljouwert.

Nei oanlieding fan oanhâldende berjochten yn de media binne op 2 april 2015 oer dit ûnderwerp Keamerfragen steld troch de Keamerleden Recourt en Jacobi en op 30 april 2015 is in moasje oannommen fan de Keamerleden Recourt en Berndsen dêr't nochris yn útsprutsen is hoe wichtich oft it foar ûnder mear in provinsje lykas Fryslân is dat regionaal bûne rjochtspraak yn twa ynstânsjes oanwêzich bliuwt.

Mei it each op de hieltyd dúdliker wurdende sinjalen kinne wy allinnich mar konkludearje dat de oanwêzichheid fan (appel)rjochtspraak yn Fryslân en dêrmei de posysje fan de Fryske taal yn it rjochtsferkear ûnder druk stiet. Dat hat lykwols noait de bedoeling fan de wetjouwer west.

De wetjouwer hat, mei it each op de resinte wet 'Wet gebrûk Fryske taal' mei in protte klam ta útdrukking brocht it brûken fan de Fryske taal *yn de provinsje Fryslân*, yn ûnder mear it rjochtsferkear, stevich ferankerje te wollen. De memoarje fan taljochting begjint mei de bedoeling fan de wetjouwer: 'om yn de provinsje Fryslân it rjocht om gebrûk te meitsjen fan de eigen taal foar elkenien te garandearjen, (...), yn de rjochtseal (...)'. It echt gebrûk meitsje te kinnen fan dat rjocht wurdt útholle troch de foarnommen ferhuzing fan sawol rjochters en riedshearen, as ûnderstypjend personiel fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert.

De foarnommen ferhuzing is mooglik makke troch de Wet feroaring gerjochtlike kaart, dy't yngien is foar de Wet gebrûk Fryske taal. Ut de ûntsteansskiednis fan de lettere Wet gebrûk Fryske taal docht nearne bliken dat de wetjouwer de mooglikheid ûnderkend hat dat de rjochtspraak, sawol yn earste oanlis as yn heger berop, út Fryslân ferdwine soe. De Wet feroaring gerjochtlike kaart twingt trouwens hielendal net ta it beslút om rjochters, riedshearen en ûnderstypjend personiel út Fryslân wei te ferhúzjen.

Dat yn Fryslân mooglik op lokaasje rjochtsprutsen wurde kin, docht dêr net oan ôf. De rjochtsykjende Fryske boarger dy't yn it rjochtsferkear de Fryske taal brûke wol, wurdt konfrontearre mei útholling fan syn rjocht, no't ûnderstypjend personiel, rjochters en riedshearen troch de ferhuzing net mear yn Ljouwert oanwêzich wêze sille.

Dat twingt namste mear wannear't art. 7, lid 1, sub b fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden beskôge wurdt. Nederlân hat him ferplichte oangeande syn 'belied, wetjouwing en praktyk oangeande regionale talen of talen fan minderheden yn de gebieten dêr't dy talen brûkt wurde', it geografyske gebiet fan dy taal te earbidigjen, om te garandearjen dat besteande of nije bestjoerlike yndielingen gjin behindering foarmje foar de befoardering fan de oanbelangjende taal. De feitlike ferhuzing fan rjochters, riedshearen en ûnderstypjend personiel fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert sil yn de praktyk liede ta striid mei dat begjinsel en dy doelstelling.

Troch de foarnommen feitlike ferhuzing fan de rjochtspraak út Fryslân driget net allinnich in útholling fan it rjocht om Frysk prate te meien yn de rjochtseal, mar ek ferlies fan kwaliteit fan de rjochtspraak. Taal en goede kommunikaasje drage wakker by ta de kwaliteit fan rjochtspraak. Saken lykas dy fan Marianne Vaatstra litte it belang sjen fan it gebrûk fan de Fryske taal en de befoardering fan de kwaliteit fan de rjochtspraak.

Wy fersykje jo dan ek mei klam om alle prikken yn it wurk te stellen om by de Ried foar de Rjochtspraak en de oanbelangjende gerjochtsbestjoeren derop oan te stean om de rjochtspraak yn Fryslân robúst oanwêzich bliuwe te litten. Dat betsjut mear as inkeld dat op lokaasje yn Fryslân rjochtsprutsen wurde kin.

Mei heechachting,



Klaas Sietse Spoelstra

Foarsitter DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal

cc: Minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
Ried foar de Rjochtspraak  
Presidint fan de Rjochtbank Noard-Nederlân  
Presidint fan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert  
Provinsjale Steaten provinsje Fryslân  
Kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders Gemeente Ljouwert  
Nederlânske Feriening foar Rjochtspraak  
Fryske Twadde Keamerleden